Ook met de Joodse onderduiker Justin Gerstner kwamen we op verrassende paden terecht. Zo bleek Tine Kuiper-Twijnstra zo'n 30 jaar geleden haar memoires over Eemswoude te hebben opgeschreven waarbij zij ook de oorlogsjaren in herinnering bracht. Het wierp een licht op de omstandigheden waaronder de jonge knaap hier vertoefde. Het in het collectief geheugen voortlevende drama wemelde overigens van vaagheden, uiteenlopend van "ik heb wel eens horen vertellen dat..." tot "ik weet zeker dat..." En dan kwam er weer een variatie op wat ik al eerder had opgetekend. Uiteindelijk kwamen er uit een aantekenboekje van Hylke Speerstra ontbrekende gegevens, die aan alle onzekerheden een einde maakten. Hij had jaren geleden een ooggetuige geïnterviewd en de "krabbels" van toen nu aan mij doorgespeeld. Onze e-mailwisseling vond rond 4 uur 's nachts nog plaats. De deadline voor het boekje naderde.

Het drama van Leo Flapper

Indrukwekkend en triest was het verhaal dat ik over Leo Flapper kreeg aangedragen van de familie. En opnieuw kwam er aanvullende informatie, nu van zijn jeugdvriend Jap Galama die zijn herinneringen jaren geleden ook al eens aan het papier had toevertrouwd. Het verhaal kreeg voor mij trouwens een extra dimensie: jaren geleden hadden we een bezoek aan het vreselijke concentratiekamp Mittelbau Dora gebracht. En dáár had Leo zijn verschrikkingen beleefd. De herinneringen aan dat bezoek deden me sidderen en opeens kwam het allemaal heel dichtbij.

Drie hoofdstukken met vier hoofdpersonen passeren de revue. Verhalen die niet op zichzelf staan, die niet geïsoleerd konden worden. Daarom is er ook

voor gekozen ze te vertellen binnen de context van het oorlogsgebeuren. Dáárom ook werd een hoofdstuk over de bevrijding toegevoegd, een verhaal dat aan het slot een onverwachte wending nam. Allen strenden voor onze vrijheid, daar was het om te doen. Een aantal liet daarbij het leven, té veel, en dat mogen we nooit vergeten. De titel van het boek verwijst daar ook naar.


Hoe verder

Het monument met bijbehorend boek is daarmee doorgegeven aan het dorp, aan de jongste generatie, de schoolkinderen die hun rol ook hadden in het plechtige gebeuren en dat zal blijven houden daar de school het monument heeft geadopteerd. Een Comité Dodenherdenking Tjerkwerd, met een vertegenwoordiger uit Dorpsbelang, muziekvereniging Eensgezindheid, de PKN-gemeente, de Oranjevereniging en de Ouderraad van de school De Reinbôge zal in de komende jaren de herdenking op de avond van de vierde mei organiseren.

Gerben D. Wijnja

Het boek “Opdat wij niet vergeten”

Het boek over het Tjerkwerder oorlogsverleden leent zich prima als geschenk. Voor dat doel is nog een aantal boeken beschikbaar en verkrijgbaar op nog nader te bepalen verkooppunten. Voorlopig kunnen exemplaren worden afgehaald bij de schrijver, Sylroede 6 te Tjerkwerd. De prijs bedraagt € 10,- p.s. Met uw aanschaf steunt u een goed doel.




Weromblik op Kunstrijk Tjerkwert 2014



“Ga zo door. Tjerkwert culturele hoofdstad 2018”, skreau in entûsjaste besiker yn it gasteboek fan Kunstrijk Tjerkwert. Tsien dagen lang stiene de tsjerkedoarren fan de grutte tsjerke iepen foar keunstfreonen en oare belangstellenden dy’t wier fan hein en fier kamen. Ut alle hoeken fan it lân wisten se Tsjerkwert te finen, sels fanút it bûtenlân. Folk út eigen doarp kaam nijsgjirrich sjen nei alle moais út ‘e ateliers en achterkeamerkes fan eigen keunstners, mar foaral ek belangstellenden fan bûtenút en oaren dy’t tafallich as tourist mei de

boat yn ‘e trekfeart leine of op ‘e fyts delkamen. De stream hold mar oan yn in goed te behearskjen oantal, alle dagen wer, waar of gjin waar. Oant de teller sneintemiddei om fiif oere op likernôch 800 stean bleau.

It trochblêderjen fan it gasteboek is in feest op himsels foar de organisaasje en alle meiwurkers. Wat in komplimenten, wat in tefreden besikers. Gjinn wanklank is der heard, sels mei it minne waar fan it earste wykein net. It wie doe sa skrousk dat der ferwaarming yn ‘e tinte by kaam mei tank oan Yde Schakel. Wat waard it der doe lekker smûk en wat koe der doe geniete wurde fan de âlde films ûnderwilens mei bakje thee of kofje en in stikje keek derby. Ja, de besikers hiene it net sa min by de keunstners.



Werom nei it begjin

Fjouwer jier lyn stie Hessel de Groot as tsjerkerintmaster oan de widze fan dit barren. As tank foar de ynset by de restauraasje soe der wat dien wurde moatte foar alle ynwenners. Dat waard dus Kunstrijk Tjerkwerd. En dit jier is it op 'e nij slagge om keunstwurken fan "eigen" minsken by inoar te swyljen. Minsken dy't stik foar stik mei leafde kreatyf dwaande binne en dat fanút ferskate ynfalshoeken. Kunstrijk Tjerkwerd joech de keunstners de romte om alle moaie kreaasjes op 'e nij oan in grut publyk te toanen. En krekt as fjouwer jier lyn mochten wy de grutte tsjerke wer brûke foar dit doel. In monumintale tsjerke omtoverje ta keunsttempel is gjin lytse útdaging. Al hielendal net as dat fjouwer jier lyn in grut súkses wie en minsken derfan oertsjoege wiene dat soks net te oertreffen wie. Mar it keunstnerskollektyf seach de útdaging wol sitten om der wer wat moais fan te meitsjen en oan de besikers te hearen wie it wer tige slagge. Maklik wie it no ek wer net om in folslein kollektyf te smeien. Yn de ôfrûne jierren ha wy minsken ôfheakjen sjoen troch natoerlik ferrin en ferhuzings. Oaren hiene troch omstannichheden gjin nij wurk makke.



Mar der wie wer folop nij talint om dat ferrin op te fangen. No ja, nij... Wy hiene diskear sels in kollega fan 101 jier jier yn ús fermidden. Dat wie frou Hermina de Rijke (sjoch de foto) dy't alle dagen de skilderskwast noch brûkt om de meast fantastyske kreaasjes op it doek te setten. En dêr wiene wy o sa wiis mei. Sok talint is útsûnderlik en joech Keunstryk Tsjerkwert ekstra ynhâld en betsjutting. Dêrmei waarden de oare keunstners lywols net tekoart dien, perfoarst net. It bysûndere is ek dat sy sa goed en yn harmony

njonken elkoar etalearje kinne en wolle: "Kunstrijk Tjerkwerd schouder aan schouder" rôp de tekst op de waskline by de yngong fan it doarp. It die my eefkes tinken oan it Suderseemuseum fan Inkhuzen dêr't de museale opset "doen als toen" suver ta keunst ferheven is.

Werom nei ús Skiepesturtdoarp dêr't profesjonele en semi-profesjonele keunstners en amateurs mei inoar in kollektyf foarmen mei in ryk ferskaat dat foar elk wol wat sjen liet om fan te genietsjen: skilderijen, foto's, bouwurken, grafyske keunst, monumintaal boekbinerswurk, byldhouwurk, kantkloskreaasjes, ambachtlike sieraden en hantwurkfoarbylden dêr't in grutte leafde foar de kreativiteit út sprekt.

Oare saken

Mar der wiene mear saken dy't yn de tsjerke omtinken fregen en bewûndere waarden. Wat te sizzen fan in prachtige "etalaazje" fan de âlde skuonmakkerij fan De Jong. In foarbyld fan ambachtlike keunst út de wurkpleatskes fan ús eardere Tsjerkwert, romten dêr't it eartiids fan optilde, dêr't it doarp har besteansrjocht oan ûntliende, dêr't libbe waard, wurke om brea op 'e planke te krijen. Yn ús tiid is dat amper mear foar te stellen, mar de histoaryske samling liet ús dêr dochs eefkes by stil stean. Tagelyk ropt soks ek fragen op, want it doarp hat folle mear museale samlingen dy't roppe om in gaadlik ûnderkommen.



Ien fan dy samlingen krigen wy te sjen yn de tinte njonken de tsjerke. Dêr waarden âlde tiden werom brocht mei bylden fan eartiids. Us eigen siniast Sietze Bakker hat der heechstpersoanlik foar soarge dat in unike doarpsfilm fan in heale ieu âld bewarre bleaun is en dy wie dêr te besjen. Ek bylden fan de Tsjerkwerter útbuorrens krigen omtinken mei tank oan de warbere sammelwoede fan wijlen Gerrit Mulder. Syn soan Feike, driuwende krêft achter de webside fan ús doarp, hie ien en oar by inoar swile ta in moai oersjoch.

Monumintale bydragen

En dan wiene wy der noch net. Elkenien wit eins wol fan it bestean fan it keunstrike Camminga-monumint, in grêfmonumint fan útsûnderlike kwaliteit. Mar foar it earst yn 'e histoarje waard yn de eksposysje út de doeken dien hoe't it no krekt sit mei de skiednis fan dit byldhouwurk, in skiednis dy't de ferbûnens mei it keninklik hûs no dúdlik makke.

In oar monumint dat omtinken frege wie it op 4 maaie ûntbleate oarlochsmonumint, njonken it tsjerkhôf, dat stil stiet by it omkommen fan fjouwer minsken. Yn de foartsjerke wie in oersjoch fan dizze slachtoffers dy't yn it gewelt fan de twadde wrâldkriich harren libben jûn ha foar ús frijheid. In died om nea te ferjitten. In byhearend boek wie eksklusyf yn 'e tsjerke te keap.

Wynkeunstkreaasjes

Last but not least wie der noch dy bysûndere aktiviteit fan it doarp te neamen. Op ferskate pakken yn 'e buorren hiene bewenners de útdaging oangien om mei feriene krêften Wynkeunstkreaasjes te meitsjen, keunstige bouwurken dy't har oerjouwe oan de grillen fan Aeolus. In bysûnder skouspul dêr't ek de skoalbern in bydrage oan levere ha. It wiene hiel bysûndere kreaasjes dy't ús doarp op in aparte wize op 'e kaart setten, dy't útnoegen ta bewûnderjen en rôpen om oandacht fan fotografaren. Sjoch ek de foarside fan dit nûmer.



Keunstryk Tsjerkwert wie mei dit alles in feest fan werkenning, it wie werom mei in nij omfangryk programma dat sjen liet hoe't in lyts doarp grut wêze kin, ek as it giet om keunst yn de breedste sin fan it wurd.



Tank oan alle sponsors, de tsjerkerie, frijwilligers en keunstners dy't it wer mooglik makke ha dit bysûndere feest te realisearjen. Tank ek oan de frijwilligers fan it Waltahûs en oan de stichting dy't hjoed dizze romte foar ús beskikber makke .

Ta beslút

Ta beslút die it ús deugd dat ús nagelnije wethâlder fan Keunst en Kultuer, frou Mirjam Bakker (sjoch foto), yn ús fermidden wie om dit feest mei ús te fieren en de iepening offisjeel te ferrjochtsjen. Yn har earste offisjele optreden yn it iepenbier wie hja fol lof oer de ynset fan it doarp en nei it omdraaien fan de kaai fan de tsjerkedoar wist se net wat se seach. Ferbjustere fan safolle moais, dat hie se nea ferwachte en dat gefoel hiene nei har ek in protte besikers.



Gerben D. Wijnja

Nijs fan de Beabuorstermole

It sil jo net ûntgien wêze tink. In blik oer it Beabuorsterfjild rjochting wynturbines jout ynienen in hiel oar oansjen. Op de molepôle steane grutte containers en der binne stekken om de mole oanbrocht. Ek de wjukken binne keal makke en nei ûnderen helle. De molemakkers fan Kolthof út Stiens ha de grutte klus krigen foar it opknappen fan dizze monumintale wettermole.

Stichting De Fryske Mole, eigner fan mole en bypassend polderhúske, is tige wiis mei dizze wjukkendrager, ien fan de mear as tritich dy't hja yn besit en ûnderhâld ha. Dat hâldt in grutte ferantwurdlikens nei de Fryske mienskip yn en dêr heart ek in goede ûnderhâldstastân by. De Beabuorstermole hat trouwens bysûnder omtinken fan de stichting om't it sa'n prachtich gehiel foarmet mei it polderhúske en om't de mole ynsetber is foar de wetterhúshâlding, benammen at der saneamde 'klusterbuien' falle soene.

At der wat bysûnders is dan komt de Beabuorster ek gauris yn byld. Sa krigen de mûnders Henk Kuipers en Jentsje v.d. Stap flak foar de grutte restauraasje besite fan minsken út Peru dy't hjir ynformaasje opdienen foar in project yn eigen lân om dêr in mole te bouwen foar bysûndere bemealingsfunksjes mar ek om toeristen te berikken. En dat projekt sil dan wer stipe wurde troch Fryske molebouwers.

Gerben D. Wijnja



Kaartclub Tjerkwerd



Het seizoen zit er weer op na 26 kaart avonden. De laatste avond was 8 april. Ook hebben we een nieuw lid Henk Stodel uit Hieslum. De beker van de competitie ging opnieuw het dorp uit en wel naar Eeltje en Gonny in Bolsward.

De uitslag:

1. Eeltje en Gonny	22	4917
2. Wieneke	16	4868
3. Anno	21	4762
4. Douwe en Aukje	23	4762
5. Gea	20	4751
6. Pieter	24	4725
7. Broer en Riekje	19	4697
8. Jelle Z	15	4674
9. Jitte	20	4671
10. Henk	16	4614
11. Jelle T	18	4585
12. Bertus	21	4497
13. Jouke	19	4484
14. Riet	23	4296

Hoogste totaal:
Sjoerd 6258

Laagste totaal:
Riet 3155

Laagste boom:
Riet en Aukje 796

Hoogste boom:
Pieter en Betty 2446

Onvoldoende mee gedaan

15. Fokke	8	4666
16. Betty	13	4617
17. Yde	11	4602
18. Martine	9	4529
19. Bas	4	4411
20. Albertus	9	4263
21. Sjoerd (geen lid)	12	4837

De laatste prijs klaverjasavond was op 4 april en er was een goede deelname. De winnaar was Klaas Galama.

Halverwege het kaartseizoen kwam onze trouwe hulp van de bardienst, Alie Poelstrate vallen. Dat had als gevolg dat ze ons niet meer kon helpen. We hopen dat ze in het nieuwe seizoen weer beschikbaar is .

Tot ziens op de eerste kaartavond en dat is op **dinsdag 7 oktober**.

Namens het bestuur, Gea, Jouke, Bertus

Geboren



Tige grutsk binne wy mei de berte fan ús famke en suske

Jildou Akke Nota

Ropnamme: **Jilke**

5 maaie 2014

Jan, Lieske en Marije Nota
Waltawei 33, 8765 LN Tjerkwerd

☎ Jan: 06-28255020 Lieske: 0651779551

Bedankt

Verrast en blij waren wij met de bloemen en de kaarten die wij mochten ontvangen op onze 40 jarige Huwelijksdag.

Wij bedanken iedereen in Tjerkwerd hiervoor!

Hillie en Harry Draaisma, kinderen en kleinkinderen.



Stap voor stap naar een nieuwe samenleving

"Gemeenten krijgen de komende jaren steeds meer taken in de ondersteuning van inwoners op het gebied van gezondheid, zorg, opvoeden en wonen, werken en inkomen. Taken die het rijk en de provincie nu nog uitvoeren."

Meedoen



Het gaat bijvoorbeeld om ondersteuning en zorg bij opvoeden en opgroeien van kinderen, de ondersteuning en verzorging van inwoners met een beperking (ook ouderen) die thuis wonen, om dagbesteding en beschut werk voor inwoners met een beperking. We willen er voor zorgen dat mensen zolang

mogelijk thuis kunnen wonen, zinvol werk kunnen doen en niet vereenzamen. Het belangrijkste doel van deze veranderingen is dat alle mensen meedoen in de samenleving.

Slim samenwerken

Vanaf 2015 zijn gemeenten verantwoordelijk voor bijna de hele maatschappelijke ondersteuning aan inwoners van alle leeftijden. Dit wordt geregeld in drie nieuwe wetten: de Jeugdwet, Participatiewet en Algemene Wet Bijzondere Ziektekosten (AWBZ). Het betekent dat gemeenten nu de kans hebben om samen met inwoners, zorgaanbieders en adviesraden nieuwe manieren van werken en samenwerken in te voeren. Door het bestaande systeem met veel loketten en instanties te veranderen, slim samen te werken en ondersteuning dicht bij de inwoners te regelen, kunnen we meer doen met minder geld en minder bureaucratie.

Dit betekent een hele nieuwe manier van denken en doen. Dat geldt voor de inwoners, maar ook voor cliëntenraden, zorgaanbieders en ambtenaren van de gemeenten.

We moeten meer doen, met minder geld. Dit betekent dat we op zoek gaan naar nieuwe mogelijkheden en slimme combinaties. Dat doet de gemeenten niet alleen. De samenwerking met inwoners, cliëntenraden en zorgaanbieders is daarbij cruciaal. We gaan samen stap voor stap op weg naar een nieuwe samenleving."

Bovenstaand stukje komt uit de Koersnota van de gemeente Súdwest Fryslân. In de Koersnota staat hoe de gemeente alle veranderingen wil aanpakken en welke keuzes ze daarbij maakt. De complete koersnota kunt u downloaden op de site van Súdwest Fryslân.

Wmo-platform en lokale adviesraden.

Het Wmo-platform wil de stem van de bevolking laten horen en gevraagd en ongevraagd advies geven aan het gemeentebestuur over alle veranderingen op het gebied van zorg en welzijn, maar ook in de praktijk in de gaten houden hoe het nieuwe beleid uitpakt. Het Wmo-platform werkt daarvoor samen met de lokale Wmo-adviesraden, die fungeren als ogen en oren van het platform.

Mijn naam is Tea Huitema en ik ben sinds kort lid van de lokale Wmo-adviesraad van de voormalige gemeente Wûnseradiel en ik wil graag signalen van de plaatselijke bevolking doorgeven of mensen helpen om de juiste zorg te krijgen. Ook hoor ik graag van goede initiatieven, die misschien ook elders bruikbaar zijn. U kunt mij bereiken via:

telefoonnummer;	0515-579595
e-mail;	teatske60@live.nl
thuisadres;	Jousterperweg 2a in Tjerkwerd

Neem gerust contact met mij op als u een vraag, een probleem of een suggestie heeft op het gebied van zorg en welzijn.

Vereniging Tegenstroom Beabuurren

U bent inmiddels waarschijnlijk op de hoogte van de plannen om de windmolens op Beabourren uit te breiden en te verhogen, en de plannen voor het bouwen van 4 tot 6 nieuwe molens tussen Tjerkwerd en Blauwhuis. Als vereniging hebben we als doel deze uitbreiding en nieuwbouw te voorkomen. Ondersteunt u deze doelstelling, wordt dan lid van onze vereniging. Aanmelden kan via de site www.baburen.nl, mail: tegenstroom@baburen.nl, of telefonisch bij A. Feenstra, tel 06-25 545 876.

Koken met Riemkje

Hierin deze speciale Skieppesturt waarin veel kunst verwerkt is, ook een heerlijk kunstwerkje voor in de keuken en daarna op uw bord. Het voordeel van dit gerecht is dat je het van te voren kunt bereiden en 's avonds in de oven kunt schuiven. Veel plezier bij het maken van dit gerecht.

Tortilla-taart

Ingrediënten: 8 wraptortilla's van 25 cm doorsnee, 500 gram mager rundergehakt, 500 gram tomaten, 1 rode, 1 gele, 1 groene paprika, 1 grote ui gesnipperd, 150 ml salsasaus mild, 150 gram roomkaas, 150 gram geraspte kaas, 3 el olijfolie.

Verwarm de oven voor op 170 gr. Vet de springvorm in met bakspray. Verhit een koekenpan en doe de olijfolie erin, rul hierin het gehakt met de gesnipperde ui. Roer de salsasaus er door en verwarm het tot het vocht bijna verdampt is. Halveer de tomaten en verwijder het middelste vochtige gedeelte waarin de pitjes zitten. Snij het vruchtvlees in blokjes. Was, ontpit en snij ook de paprika's in blokjes. Bestrijk de tortilla's met roomkaas. Leg 1 tortilla in een taartvorm. Schep 1/7 deel van het gehakt hierop en daarna 1/7 deel van de tomaten en de paprikablokjes en strooi er een beetje kaas over. Herhaal dit tot de tortilla's op zijn. Dek af met een tortilla en bestrooi deze met het laatste gedeelte van de geraspte kaas (ongeveer de helft). Schuif de taart in de oven en bak hem in 10 minuten knapperig en gaar. Laat de taart uit de oven nog 15 minuten rusten en snij hem in punten. Heerlijk met een salade erbij!


Eet smakelijk!!

Kleurplaat

Kleur deze zo mooi mogelijk in voor 5 juli 2014 en lever deze in bij één van de redactieleden, de mooiste 3 kleurplaten kunnen een prijsje winnen.



Snypsnaren



De earste Keningsdei wie yn Tsjerkwert goed slagge. Dat hie wol hiel oars komme kinnen, want Aly S. soe de tinte op sette mar wie net wend oan de skeve kant by de kade. Dêr gongen de stokken, sa de trekfeart yn!

It wie ek in bysûndere dei, want meastentiids at d'r in feestje is dan is Douwe de lêste dy't fuort giet. Mar dat wie dizze kear net it gefal. Dat is wol efkes it neamen wurdich. Of soe Sietske der soms efter sitte?

Want Sietske fynt eins dat Douwe te min thús is. Sa is hy eltse sneon fansels ek op it Skieppefjild te finen omdat hy haad bouploech is. Sietske woe wolris in wykein fuort mei har gesin en krige Douwe einliks sa fier. De bouwers misten him al gau, net allinnich fanwege syn boukunde, mar ek omdat Douwe altyd foar de kofje soarget. No hie Gerben dizze taak wol oernaam, maar de kofje smakke net lekker. Ek net frjemd, want fan Douwe krije sy altyd sûker yn 'e kofje en Gerben hie der salt yn dien.....

Dat smakket net lekker fansels. Wa't it allegear ek efkes net goed smakke wie Doede. Sa rûn Doede op dei 1 noch lûd roppend oer strjitte: "Sjoch, ik haw nije toskên!" Prachtich hear. It siet ek goed, fûn hy sels en hy iet fuort in apel en in grouwe winterwoartel op. Dat moast hy op dei 2 bekeapje, doe koe d'r wol janke fan dy stomme nije toskên. Hopelik sitte se no goed te plak.

Epie stie ek goed te plak mar dan foar de stopljochten. In oar fûn kennelik dat sy dêr neat te sykjen hie want die skode har samar oan de kant. No moast Epie wer om in nije efterkant út.

It wie net Roel H. dy't Epie oanriid. Dat hie bêst kinnen, want hy hat krekt syn rydbewiis. Bysûnder is dan wol wer dat hy, nettsjinsteande dat hy no autoride mei, de hiele alvestêdetocht op de step folbrocht hat. Hartstikke knap fansels!

Mar soe hy dan miskien wer wat bernich wurde? Dat kin bêst, miskien sit it wat yn de famylje, want syn heit skuort hjir wer troch de buorren op in nozem-brommer. Of wie it no in echte shopper? Dan kin it hielendal wolris wat mei de leeftyd te meitsjen hawwe.

Noch efkes oer dy alvestêdetocht: It wie in prachtige dei en ek in soad ynwenners fan Tsjerkwert hawwe in toppresaasje levere troch oan de tocht mei te dwaan. Ien persoan fûn ik dan wol wer hiel bysunder, dy naam net allinnich him sels, mar ek syn skoanheit op sleetou en stiennen mei. Nierstiennen wol te ferstean. Topprestaasje Theo!

It wie trouwens mar goed dat der by de finish gjin doping-kontrôle wie. Mireille hie har man nammentlik hielendal folstoppe mei ferdôvjende middelen. At dat gjin leafde is.

Dat hat Theo dus goed dien: hy kin skynber ek better fytse as rinne. Mei de avondvierdaagse krige er op tiisdei de stimpelkaart fan Marga S. om dizze oan Mireille te jaan, dy't de oare deis meirinne soe. Mar doe't it safier wie dat sy mei de bern te rinnen soe, wist sy net wa't de kaart hie. No, dan sa mar fuort. Healwei de tocht krige sy in tillefoantsje: "Misse jo ok wat? Ik ha de kaart yn 'e bûse!" Mireille hat alle stempels doe mar sammele op har earm en sa koene alle bern nei ôfrin dochs in medaille krije.


En at it feestje fan de fyts-alvestêdetocht wer oer is, moat it tintsje wer opromme wurde. Yde wie hjir gesellich mei Joop N. mei dwaande, oant Joop in beurs fûn. "Must ris kieke, hier leit so mar in portemonnee". Mar ris efkes sjen fan wa at dy is, der siet gelokkich in bankpas yn, mei derop in namme: J. Nota. "Och, ik hat 'm noch hielemaal niet mist"! Moai dat Joop syn eigen spul sa wer oprommet.

Oer opromjen sprutsen: In skoft lyn wie der wer himmeldei yn Tsjerkwert. De bern fan skoalle binne yn it doarp oan it opromjen west. Doarpsbelang hie in oprop dien om mei syn allen de rest fan it doarp skjin te meitsjen. No, de muoite fan dy oprop hiene sa harren besparje kinnen. Want op sneon wiene it allinnich mar (ald-) Doarpsbelangminskens dy't oan it opromjen wiene. Dat moat de oare kear mar efkes oars, want it doarp dat binne wy allegear. En allinnich mei mekoar kinne wy der foar soargje dat it hjir wat kreas bliuwt en dat wy kinne genietsje fan ús moaie doarp en har omjouwing.

Allegear in hiele moaie simmer mei in soad genietsjen tawinske!

A.F.

Voor een gezellig familie- of bedrijfsuitje kunt u uitstekend terecht bij De Friese Bierbrouwerij



SINGLE MALT WHISKY
FRYSK HYNDER
Golden Spirit of Frisia

Een sfeervolle locatie met
volop mogelijkheden.

Wij kunnen u een rondleiding
door de brouwerij aanbieden
in combinatie met een koffietafel
of koud/warm buffet.

Meer informatie hierover kunt
u vinden op onze website

www.bierbrouwerij-usheit.nl

of bel (0515)577449



 **PROAST**

Snekerstraat 43 8701 XC Bolsward Telefoon (0515) 577449

Verwen je voeten, welkom bij de pedicure

Luister naar uw voeten, pijnlijke voeten zijn niet normaal, verdring de pijn aan uw voeten dus niet... maar doe er wat aan!

Voor een afspraak kunt u contact opnemen met:

Richtje Hiemstra-Boersma

Van Panhuysweg 6

8765 LH Tjerkwerd

Telefoon: 0515-577013

Mobiel: 06-23211674

Email: richtjehiemstra@live.nl

ProVOET

Landelijke Organisatie voor de
Voetverzorging / Pedicure

Nu met aantekening diabetische voet, reumatische voet en schimmeldiagnostiek.



Miedema Lighting Besparingstechniek

Voor al uw energie zuinige verlichting en installatie aanleg kijk voor meer info:

www.spaarlampen.eu 06-25146668



Kopij foar it nije nûmer graach
foar 5 septimber nei:

itskieppesturtsje@gmail.com

H HAIRSTYLE HAARSMA

Adres

Lommerdsteeeg 1C
8701 NA Bolsward
*Bereikbaar via Appelmarkt 10,
Nieuwmarkt 13-15*

Contact

0515-573246
06-30417958
www.hairstylehaarsma.nl
info@hairstylehaarsma.nl

Openingstijden

Dinsdag:	08.30 – 21.00
Woensdag:	08.30 – 18.00
Donderdag:	08.30 – 18.00
Vrijdag:	08.30 – 21.00
Zaterdag:	08.30 – 13.00

***Hairstyle Haarsma
werkt uitsluitend op afspraak***



GET INSPIRED. SEE YOUR STYLIST.
REDKEN.NL

REDKEN
5TH AVENUE NYC